

yn ferskate fasetten wer dúdlik foar it fuotljocht brocht hat. Der wienen op dizze jûn sa'n 200 besikers dy't op fjouwer lokaasjes, wêrfan twa yn 'e iepen loft, genietsje koene fan de konserten mei optredens lykas fan Albert Bonnema mei Rixt van der Kooij, Marieke de Bruijn en Pauline Post, Johan Bijhold, Tjalling Wijnstra mei syn koar Het Cantoor, en Wiebe Kaspers mei syn ensemble.



Neist dizze konserten spile it 100-jierrige korps Concordia op it wetter fan de Boarn en dêrnjonken waarden ferskate oare aktiviteiten organisearre sa as in eksposysje yn it eardere waachgebou en in teatrale ferbylding, skreaun troch Bouke Oldenhof fan Paulus Folkertsma, troch syn soan Paulo Folkertsma.

De bern fan 'e twa skoallen yn Aldeboarn binne belutsen by it festival troch in edukatyf projekt troch Ardy Proot.

Hjir ûnder yn dizze NIJS kinne jo inkelde reaksjes lêze fan meiwurkers en besikers.

Reaksje Helga Folkertsma

Wat in prachtige jûn hat it west op sneon 23 juny!

"Twirre" is fertaald "wervelwind" – en werveljend wie it!

It begûn allegear al yn 2016, doe't Jenny Zwanenburg my oanskeat en sei 'we moatte ris prate'.

Doe kaam se mei it plan om yn Aldeboarn wer ris wat mei de muzyk fan Paulus Folkertsma te dwaan, op in besûndere manier. Oft se doe der by stil stie wat se har op 'e hals helle?

Se hat it foarinoar krigen om, tegearre mei An de Wrede, in grutte groep minsken foar dit idee entûsjast te meitsjen en harren bliuwend te motivearjen.

En - hast twa jier letter stie der in evenemint, dat

der wêze mocht en wêrt in hiele protte minsken, Boarnsters en oare besikers, fan genietsje koene. Dit is te tankjen oan dy grutte groep minsken, frijwilligers, professionals, dy't mei enoarme ynset soarge hawwe, dat dit evenemint der komme koe en geweldig slagge is.

In jûn, dy't flekkeleas en op roltsjes ferrûn, mei in prachtige oanklaaiing op de ferskillende lokaasjes en dy't rûnom folle wurdearring krige fan de besikers. In jûn ek om net gau te ferjitten.

Foar my persoanlik en foar myn bern en bernsbern wie dit hiel spesjaal om de muzyk fan myn man, harren heit en pake yn syn wenplak hearre te kinnen.

Helga Folkertsma

Reaksje Bouke Oldenhof

Ilk ha bot genoaten fan de muzyk. Hichtepunt foar my wie it koar yn de tsjerke, en dan noch spesjaal it stik "It is sa stil". Prachtige muzyk, prachtich útfierd, it sjongt my noch yn de holle.

Moai sa't Paulo dat stikje die op de stoepe.



It wie wol hiel bysûnder dat de soan syn heit spile. Der wiene minsken dy seine dat de stim hast itselde wie. Moai ek dat de reaksjes goed wiene.

Bouke Oldenhof

Oare aktiviteiten

It jier 2018 brocht noch mear posityf omtinken foar Folkertsma's muzyk.

Sa is it troch koar "Het Cantoor" by gelegenheid fan harren jubileum de Jonkerboer seleksje, dy't hja útfierd hawwe yn Aldeboarn op 23 juny, op it programma fan harren lustrumkonsert set,